

Oantekens dd 9 maart 2019 fan de mienskiplike gearkomste fan it NGV ôfd. Fryslan en it Genealogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy.

Plak: Oranjehotel yn Ljouwert

Oanwêzich: 49 persoanen

Notulist: Sjoerd de Boer

Iepenjen

De hear Gosse van der Plaats iepenet dizze drokbesochte gearkomste en hjit eltsenien fan herte wolkom.

Yn it bysûnder de gastsprekkers fan dizze middei: de hear Jabik van der Bij en de hear Obe Weissenbach.

Meidielingen

Der binne berjochten fan behindering fan de hearen Gerrit Boeijenga, Kees de Boer en Jan de Vries en fan mefr. Liesbeth Bonnema.

Gjin ynkommen stikken.

Lêzing/presintaasje fan de hear Jabik van der Bij

Oan 'e hân fan in útdraai fan Probook krije wy útlis oer it sels meitsjen fan in eigen boekwurk yn WORD. It nivo fan de oanwêzigen yn de seal is divers.

Wy meitsje gebrûk fan WORD 2010. Foar mear ynformaasje oer PROBOOK: www.probook.nl.

De hear Van der Bij nimt ús oan de hân fan in tal sheets en foarbyldteksten lykas lettertype, lettergrutte en rigelôfstân. Hy leart ús en lit ús sjen hokker mooglikheden der binne en hokker ikoantsjes wy dêrfoar brûke kinne: der is in skala oan mooglikheden. Belangryk is ek om de rjochtermûsknop dêrfoar te brûken. Alles stiet dúdlik omskreaun yn de POBOOK hantlieding.

Hoe sjocht it boek der út

Omslach, binnenwurk, 1e bledside en titel, altyd blanko = skiedingsblêd, folge troch kolofon en dan wer in blêd mei namme en titel, opmakke my byg. in foto.

It echte ferhaal begjint altyd op de 5e (rjochter) bledside want je ha al in pear bledsiden hân. De lêste bledside is altyd links. De ynhâldsopjefte is links foaroan of efteryn.

It handichst is in A4 yn lingteformaat.

Plaatsjes/ôfbyldingen ynpasse: opsykje út jins eigen bestannen. Sintrearje /links of rjochts útljine mei ikoanen yn de menubalke. Fergrutsje of ferlytsje troch de hoekpunten te ferskoven. Mei it programma Paint is der in tekst yn it plaatsje oan te bringen.

Op deselde wize kinne der ek tabellen ynpast wurde.

Wichtich is dat de dokuminten opslein wurde yn PDF as alles klear is en net feroare wurde hoecht. Dan kin jo "boekwurk" nei de printer!

Skoft

Lêzing/presintaasje fan de hear Obe Weissenbach

De hear Weissenbach (drukkerij yn Snits) makket ús paadwiis oan de hân fan ien A4 yn de soarten printpapier en byntechnyk.

Eartiids brûkte men nulle en tried, letter begûn men te lymjen. It lymjen is in stik goedkeaper en hieltyd fan bettere kwaliteit wurden. Ynbinnen mei jern bliuwt it sterkst en falt net út elkoar troch brûken. Sa kinne der ferskate katernen ta ien boekwurk ynbûn wurde.

Fansels is dat wol arbeidsyntinsiver en relatyf djoer, mar alle waar is nei syn jild! Hokker kar je meitsje hinget of fan jo eigen winsken: oplaach, tsjokte en wurdt it faker of minder faak brûkt. It is ek mooglik om yn te binen mei help fan in spiraal of in ferburgen spiraal. Dat is de foardielichste wize. Ek nytsje bestiet ta de mooglikheden.

De soarten papier: krantepapier, mc-papier, mei in klaailaachkoating of swier mc-papier. Op mc-papier binne de foto's moaier fan kwaliteit.

Tip

Njonken it sels ûntwerpen yn WORD: lever de tekst yn WORD yn "platte tekst" oan mei de losse foto's mei in sa heech mooglike resolúsje en de tabellen de apart by (yn PDF).

Stel yn oerlis mei de drukker dyn boek gear: de drukker makket it dan fierder op yn dtp. Kies yn oerlis mei de drukker de wize fan ynbinnen. De drukker makket yn dat gefal it boek op.

De foarsitter betanket de beide sprekkers foar har ynteressante bydragen en oerlanget Weissenbach in slúfke.

Omfreegjen

De hear Schepperle fan it NGV betanket it Wurkferbân en de sprekkers foar de fersoarging fan dizze drokbesochte middei. "Dank voor uw komst en aandacht en wel thuis".

Kommende data

30 maart: GWF Jeppemastate en weeshûs Tjallingastate troch Titia Jipper-de Boer (by Wouters)

6 april: NGV Dútslânde yn Hoogeveen

13 april: NGV yn Historisch Centrum Leeuwarden